

# Blinder, de kaktus!

F20 20-3-9

## Ferhalen

troch Yvonne Dijkstra

**O**ant 1996 wie Gerrit Damsma (1936) oan dizze krante ferbûn. Fan learling-ferlachjouwer skopte er it ta sjef einredaksje, om úteinlik werom te kearen nei de basis, it skriuwen. Jierrenlang skreau er wykliks de kolum Yn 't foarbygean, mei sketsen út it deistich libben en neidat er mei de vut gie, skreau er alle moannen foar doarpskrante *De einkeoer* ek sokssawat.

Wat sil it dan ek in poetoer west ha om út al dat

wurk in seleksje te meitsjen! Mar úteinlik is it slagge en binne der presys seisentachtich kursyfkes yn de bondel *Blinder, hasto de kaktus skeard* telâne kaam. De measten dêrfan binne lichtfuottich fan toan, al wurdt it swierset-tige net mijd.

Sels seit Damsma yn de prolooch der dit oer: „De kursyfkes yn dizze bondel binne koarte sketsen út it deistich libben. Ferhalen oer grutte lytse minsken en bisten yn har eigen lytse grutte wrâld. Ferhalen oer bern, heiten en memmen, pakes en beppes (...) oer kroaden en krukken,

ingels en smjuntjen, wersjen en ôfskie, oer freugde en fertriet. Sa is it libben.”

It is Damsma slagge om al dy fasetten te fangen yn koarte ferhaaltsjes, sa no en dan sels mar ien bledside lang. Sa't in tekener as Peter van Straaten in sêne fangt yn ien tekening en in útspraak, sa docht Damsma dat op papier. Ut syn wurden sprekt in grut gefoel foar de minsken dêr't er oer skriuwt, mar ek de humor ûntbrekt net. En dat allegear sûnder út te gliidzjen yn 'lolbroekerij'; it is earder de smoute kant it neist. It noch net earder publisearre

titelferhaal bygelyks, giet oer ien fan de bewenners fan in tehûs foar ferstanlik gehandikapten dy't fasinearre is troch it 'burd' fan de mânske kaktus dy't yn de hal stiet. Hoe't it ferhaal ôfrint, lit him riede...

De 'petearen' dy't de skriuwer hat mei bisten binne dan wer suver oandwaanlik en wa werkent net it tropke froulju fan goed santich jier, dy't op klapstuoltsjes yn 'e berm fan in parkearplak delstrutsen binne om de sinneklips mei te meitsjen?

Tusken al dat lichtfuottige guod komme de pear serieu-

zere kursyfkes namste hurder oan. Efkes bestjurret de glim om 'e mûle, as men lêst hoe't de sjiippebûle fan in moaie maitiidsdei foar de skriuwer út elkoar spat, as er in mem en har jonkje foarbyfytst. Op it mantsje syn pakjedrager in grut read-wyt boerd mei: 'ik ben doof'. Ek dêrfoar wit Damsma de goede wurden te finen.

**i** *Blinder, hasto de kaktus skeard! Gerrit Damsma.*

